

GKb 161 Hear, Jo binn' myn libben, alles wat ik haw

Symbolum '77

1

Hear, Jo binn' myn libben, alles wat ik haw.
Hear, Jo binn' myn wei, de wierheid dy't my liedt.
'k Sil de wegen folgje dy't jo wurd my wiist,
salang ik it libben krij, salang as ik bestean.
As Jo mei my geane, bin ik net mear bang.
Hear, ik bid Jo, bliuw my neiby.

2

Hear, ik leau yn Jo, Maria's leave Soan,
iiv'ge Soan fan God en minske lykas wy.
Stoarn foar ús út leafde, libje Jo by ús,
yn ferbûnens mei jo Heit, feriene mei jo folk,
oant Jo hjir wer komme op 'e jongste dei,
en Gods ryk fan frede begjint.

3

Hear, Jo binn' myn sterkte, sûnder Jo bin 'k neat.
Hear, Jo binn' myn frede_en frijheid hieltyd wer.
Neat bringt yn dit libben skieding tusken ús.
Sa wit ik my feilich want jo hân lit my noait los.
Fan wat ik misdien haw, ha Jo my befrijd,
yn jo geunst fyn ik myn bestean.

4

Heit fan alle libben, God, wy leauwe_yn Jo.
Soan dy't ús ferlost, ús hope is op Jo.
Geast fan leafde, stryk yn ús fermidden del,
Jo dy't oer wol tûzen wegen ús hjir gearbrocht ha.

Dan, oer tûzen wegen, stjoere Jo ús út,
dat wy siedden binne fan God.

tekst en meldij Pierangelo Sequeri – ‘Tu sei la mia vita altro io non ho’
oersetting David de Jong